

nijsbledsje jiergong 7 nr 2

Efkes werom sjen:

It is al wer hast trije wiken lyn dat we it iepeningsfeest hiene fan skoalle. We krigen in prachtige houten tema beam fan de âlderrie en ek in soad blommen, kaartsjes, kadobonnen, jild en in hiel soad lokwinken. Wy binne fan doel om fan it jild en weardebonnen in moaie picknicktafel oan te skaffen foar op it plein, want de âlde is oan ein.

Wy binne tige bliid mei de berjochten dy't we krije fan Thea Koopmans krije oer Theun. Theun is oerbrocht nei it akademisch sikehûs yn Grins. Dat is foar it besykjen fan Theun al in stik noflikker. Theun hat noch in lange wei te gean en wy winskje him en elts dy't der ticht om hinne stiet in hiel soad geduld en kracht ta. Ek yn oare famyljes is der fertriet en it gemis fan ien dy't harren leaf wie. Wat moai om dan te sjen dat we mei elkoar meilibje en troch omtinken elkoar ta steun wêze kinne. Sa diele we ús libben mei elkoar as it goed giet, mar ek yn minne tiden. Dat bringt ús ek by de aksje Schoenmaatjes dy't fan start gien is op de startsnien fan beide tsjerken yn Earnewâld. It is tradysje dat we dêr as skoalle oan meiwurkje.

De aksje "schoenmaatjes" fan Edukans is no al in sukses, mar der kinne noch mear doazen by. Foar wa't noch in doaze klearmeitsje wol (op skoalle binne noch lege doazen en machtigingsformulieren). De fulde doazen kinne de hiele moanne oktober noch ynlevere wurde. It tema "deel je leven" kriget sa in hiele praktyske ynfulling.

Bauke Haanstra (muoikesizzer fan juf Anke) sil op 5 oktober yn de groepen fertelle oer de reis dy't hy mei Edukans nei Ethiopië makke hat om te sjen wat Edukans docht foar kânsearme jongeren.

Teldatum: Sa't jimme miskien wol yn it nijs lêzen hawwe is foar guon lytse skoallen de teldatum 1 oktober hiel wichtich. Sitte der noch genôch bern op skoalle om de skoalle yn it doarp te behâlden? Ek wy sakken nei de fakânsje behoarlik yn learlinge oantal. Lokkich is der by ús gjin sprake fan spanning rûnom de teldatum, mar binne wol bliid mei elke nije learling hjir op skoalle. Foarrige wike is besletten dat Manon fan Osnabrugge fanôf 26 septimber by ús op skoalle ynskreaun stiet. De oergong fan SBO Sjalom nei de Master Frankeskoalle is flot en soepel ferrûn. We hawwe der alle betrouwen yn dat Manon har hjir goed ûntwikkelje kin. Ek in waarm wolkom foar Sarah Helmvoigt fan Aldegea. Sarah is dizze wike yn groep 8 kaam en hat it ek tige nei't sin by ús op skoalle. Dêrmei stiet de teller op 1 oktober op 43 bern.

Jimme krigen al berjocht fan de berte fan Doutzen Tineke. Doutzen is berne op 18 septimber. Dochter fan Jochum en Nynke van der Woude Formsma. It giet hiel goed mei Doutzen en har heit en mem.

Juf Nel moat efkes in stapke werom dwaan. De nek- en rêch hernia dwingt har der ta om it wat rêstiger oan te dwaan. We winskje juf Nel in hiel soad sterkte ta en wêr mooglik herstel. Lokkich hat juf Jessie der nocht oan om de helte fan de taken fan juf Nel oer te nimmen. Dêr binne we hiel bliid mei!

Master Henk Elzinga hat it op't stuit hiel dreech en komt net op skoalle om mei groepkes bern te wurkjen. Wy winskje him in hiel soad sterkte ta. Mocht it frijwilligerswurk dat Henk op skoalle docht yn de takomst wol wer mooglik wêze, dan sille wy altyd earst âlders tastimming freegje as dy dêr

achter stean kinne. Hjirby de oprop: Hat ien fan jimme der nocht oan in healoere as oere yn de wike mei ien as in pear bern op skoalle wat wurk te dwaan. Dat kin wêze: begeliede mei lêzen as rekkenjen, mar ek foar de bern dy't wat útdaging nedich hawwe op it mêd fan wrâldoriëntaasje (natoer, skiednis ensaf). Ek as der minsken binne yn jimme kennissenkring dy't hjir geskikt foar binne en nocht oan hawwe, dan komme we dêr graach mei yn'e kunde.

De kommende tiid:

Reedriden:

Op **4, 11, 25 oktober en 1 en 8 november** krije de bern fan groep 3 o/m 8 reedrydles op de keunstiisbaan fan Ljouwert. Dizze lessen krije we altyd oanbean troch IISclub "Lyts begjin". Tinke jimme der oan dat **moffen en mûtse** ferplicht binne! Bern dy't sels gjin redens hawwe kinne dy hiere foar € 2,00 per kear. Graach moarns foar skoaltiid it jild (gepast) oan juf Grietsje jaan. Der kinne trije âlders mei yn de bus foar it ûnderbinen fan de redens. De bus giet fuort om 9.15 oere en is om en de by 11.30 oere werom yn Earnewâld. Wy freegje elke kear trije âlders om mei te gean. As de bern ûnderbûn binne, kinne se sels ek reedride. Jimme kinne jimme foar begelieding opjaan by juf Grietje: g.zijlstra@frankeskoalle.nl

Bistedei

Op 4 oktober is it bistedei. Middeis fan 13.00-14.00 oere meije der bisten op skoalle brocht wurde. Tinke jimme der wol om dat it gjin los rinnende bisten binne? By twifel efkes oerlizze mei de groepslearkrêft.

Berneboekewike

Fan 5 oant 12 oktober is de berne boekewike. It tema dit jier is: "**Voor altijd jong**". Dizze wike binne paken en beppen/opa's en oma's fan herte wolkom om yn de groepen te fertellen oer harren jeugd (wêr boarten se mei, hoe wie it foar harren op skoalle, wat fûnen se lekker en hoe waard der feest fiert) as om de bern foar te lêzen(miskien út harren eigen favoriete jeugdboek). Jimme kinne (fia de bernsbarn) by de groepslearkrêft in ôfspraak meitsje. Paken en beppen: de bernsbarn binne tige grutsk as jimme dat dwaan wolle en de juffen fine it prachtich! Wy slúte dizze boekewike ôf mei in **ynrinjûn op tongersdei 13 oktober fan 18.30-19.30 oere**. Alders en belangstellenden binne dan fan herte wolkom mei de bern om te besjen wat de bern allegearre nei oanlieding fan it tema dien hawwe.

Skoalfoetbal/skoalkoerbal

Wy jouwe de bern altyd enthousiast op foar de skoalfoetbal en koerbal toernoaien. In stimulâns foar bern om oan tiimsport te dwaan. Mar de aginda's fan dizze toernoaien wurde net altyd ôfstimt op de aginda's fan skoalle. It komt faak foar dat de learkrêften nei skoaltiid noch oare ferplichtings hawwe. Wy dogge dan in berop op âlders. Meastentiids slagget dat hiel goed, mar soms kinne we begelieding en riders net foarelkoar krije. Dan moatte we de aktiviteit annulearje. Hjoed 28 septimber giet de middenbou nei in koerbaltoernooi yn Grou. Juf Adry giet mei en der binne genôch riders! Alfêst tige tank! **Op woansdei 12 oktober** is der foar de famkes fan de boppebou in fuotbaltoernooi. Wa wol ride en eventueel begeliede? Opjaan by juf Yttje as juf Reina. **Op woansdei 26 oktober** is der foar de jongens fan de boppebou wer in fuotbaltoernooi. Ek hjir wurde wer riders en begelieders foar frege.

Bernemienskipsintrum

Op woansdei 26 as tongersdei 27 oktober (jimme krije noch berjocht hokker datum) is der in jûn op skoalle foar âlders en takomstige âlders oer it gearwurkjen fan alle partijen dy't te krijen hawwe mei de bern fan 0 o/m 13 jier yn Earnewâld. Wy binne mei elkoar yn petear om te kommen ta in yntegraal bernsintrum. De feestlike start en iepening fan it gebou wie in moai begjin. Mar wat is der al dien en hoe sjogge we de takomst? Dat komme jimme dizze jûn te witten. De jûn is ek hiel nijsgjirrich foar takomstige âlders!

Dan noch in fraach fan ien fan de âlders:

Binne der ek bern yn Earnewâld dy't graach begjinne wolle mei blokfluitles? As der fjouwer bern binne, dan kin der ien fan de musykskoalle nei Earnewâld komme. Dit soe dan nei

skoaltiid kinne. As der belangstelling is dan graach efkes kontakt opnimme mei Tamara Westerveen (mem fan Mirte en Aniek)

Foar de kalinder/yn de aginda:

- 4 oktober Reedriden groep 3 o/m 8 Moffen en mûtsen mei (gjin gymklean)
- 4 oktober Bistedei. Bisten kinne fan 13.00 -14.00 nei skoalle (allinnich yn hokjes, koaikes en oan de line)
- 5 oktober Presentaasje Edukans. Start berneboekewike.
- 10 oktober Bestjoersgearkomst
- 11 oktober Reedriden groep 3 o/m 8
- 12 oktober Fuotbaltoernoai famkes boppebou
- 13 oktober Ynrinjûn berneboekewike 18.30-19.30 oere
- 15 o/m 23 oktober Hjerstfakânsje
- 25 oktober Reedriden groep 3 o/m 8
- 26 oktober Fuotbaltoernoai jongens boppebou
- 26 as 27 oktober Foar âlders en belangstellenden jûn oer Bernemienskipsintrum Earnewâld.
- 1 november reedriden groep 3 o/m 8
- 7 novimber Saaklike âlderjûn fan bestjoer, M.R.,O.R. útnoeging en ynformaasje folget noch.